

FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 25 maaie 2007 byinoar west by Yede van der Veen oan hûs om de nije wurklist wer gear te stallen. Dizze krije Jo hjirby en wy hoopje dat der foar elk wer wat by is.

Der binne ek wer in oantal saken besprutsen en ús jûnen binne nochris trochnommen.

Ien punt dat wy ek ferline jier al oanjûn hawwe is noch dit: troch it almar oprinnende ledental is it foar it bestjoer op ús jûnen net altyd goed nei te gean wa't der no wol stiper binne en wa net. Wy geane der wol fan út dat as Jo in gast meinimme, dat Jo dit al eefkes witte litte en dat der ek foar dy gast twa euro betelle wurdt.

De gearstalling fan it bestjoer is fierder net feroare. Yede vd. Veen is foarsitter, Gé van der Goot-Bangma skriuwer, Frâns Bakker ponghâlder en Anna Hemstra-de Jong en Bauke Lageveen meitsje it bestjoer folslein.

WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2007 – 2008

It plak: De boppeseal fan De Raadsman, it begjin is alle jûnen om healwei achten.

Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou, tillefoan 0566-621992

Tongersdei 1 novimber 2007:

Jûn nimt **Sybren van der Vlugt** ús mei it fjild yn. It giet dan fansels oer aaisykjen en aaisikersklups, mar dat net allinne. Der is mear as dat yn it fjild. Fan Sybren binne wy wend dat hy der sa'n jûn fan alles en noch wat bysleept. Dat sil no ek wol wer sa wurde. De stro wurdt grif net om it aai bedoarn.

Tongersdei 6 desimber 2007:

“Set der mar del: Wettersport yn en om Grou”, sa sei **Jetse van der Goot** as sprekker fan de twadde jûn. Wêr't wy oan tinke moatte? Grif in tûfke skûtsjesilen, G.W.S., skipkesilen, Frisia en Lyts Frisia en mear fan soks. Foar Jetse in weet en foar ús in fraach. Wy binne mei Jo benijd.

Tongersdei 17 jannewaris 2008:

Noch in fjildman. As jonkje en soan fan ‘de spoarboer’ wie **Ultsje Hosper** al sljocht op bisten en fûgels. Hy kaam letter as aaisiker yn gebieten as it Wyldlân, Labân, de Burd ensfh. Dit part fan de Lege Midden hat syn ynspiraasjeboarne west foar syn lettere studzje biology. As hjoeddeistige ‘baas’ fan It Fryske Gea sjogge wy him wol gauris yn de krante en op ‘e tillefyzje.

Tongersdei 6 maart 2008:

“No Jaap, alwer in famke“, sei dokter Schoustra. Dat wie 10 febrewaris 1946 en op it bertekaartsje stie; “Alles wel”. Yn 1950 op de bewaarskoalle by juffrou Akke en fjirtjin jier letter sels yn Ynskede (Enschede) foar de klasse, as beukerliedster. De grutte hobby wie (en is) tonielspyljen en fanôf 1980 komt se yn fêste tsjinst by Tryater. Dat sadwaande mear as 25 jier op ‘e planken. De namme? **Klaasje Postma**. Oan de hân fan foto's, filmkes en muzyk hearre wy jûn har ferhaal.

FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2006 – 2007

De earste jûn op 2 novimber 2006 fan it nije winterskoft. Yede van der Veen, de foarsitter iepenet de jûn mei in grut oantal oanwêzigen wolkom te hjitten. Hy stiet stil by it fersjerren fan Douwe Atema en Jan de Wal. Stipers dy't fan grutte betsjutting west hawwe foar de Stifting. Mar ek oare stipers binne ús ûntfallen en ek dêr wurdt oandacht oan bestege.

Efter de tafel sitte **Hepke Hiemstra, Yke de Groot, Ytsje Huisman en Anne de Groot**. Sy begjinne wêr't se einige binne mei harren praatsjes yn it foarige winterskoft. Reinder Bouma, dy't de bylden der wer by fersoarget sit mei noch wat slieperige eagen, om't er de jûns fan te foaren krekt thús kommen is fan syn reis troch Afrika.

Hepke krijt it wurd en fertelt dat se by de hûnsdagen stykjen bleaun binne en no mei it twadde part oer de oarlochsjierrren, de komst fan it kanaal en de skoalfakânsjes fierder gean. Yke wie yn de fakânsje wol útfanhûs by de famylje, mar ek faak op eigen hiem. Wat lekker ite en sliepe. Ytsje útfanhûze wol by Gerrit Baarda yn Blessum. Ek by beppe yn Grou wie in waarm nêst. Mei de skou nei Grou ta, by Sikke Bangma de fyts út de skou. As mei de molkboat nei Grou ta. Telefoan wie der doe noch net, dus mei briefkaarten waard elkenien op 'e hichte brocht. De post moast oeral fier rinne om by de boeren te kommen. Anne hie oeral boerefamylje. Hy siet dus altiid yn 't boerefermidden. Nei de stêd ta wie foar alle gearre in hiel barren. By Anne gongen se ien kear yn't jier mei de Fryske Mij nei Utert. Mei Grouster merke krige Ytsje 69 sinten en alles wat der oerbleau krige se der dûbel wer by. Doedestiids wie der in draaimûne, in snoeptinte, in luchtskommel, in weachskaal en fansels spultsjes sa as stuolledûns, sekjerinnen en noch wol oare dingen. Der is praat oer it appelhûf by de pleatsen, oer eigen bou, oer de turfskipper dy't yn de hjerst kaam, de sânskipper dy't sân foar de bûthûsflier brocht. By De Groot op Goatum kaam Sytema út Grou mei in kar fol oplûge sân. Durk Lolkes kaam ien kear yn 't jier lâns om te freegjen hoefolle bosk der komme moast. Dit wie foar de biezens. Lytse Meeter (Sytse) kaam mei de boat by de wetterlieding fol mei sân. Ek de mûnen yn de krite wiene fan grutte betsjutting. De Boarchmûne, boud yn 1895 wie in grutte mûne, de oaren wiene fan in oar slach. It wie in toer om it wetter bûten de polders te hâlden. Eartiids wie it net maklik jild te lienen. Boarch stean foar ien, dêr siet wol risiko oan fêst. Faak bleau it yn de famylje. As it mis gong dan wiene der wol famyljes dy't earm waarden. Begjin novimber as it lân wiet waard, dan moast it fee wer op stâl. De kachel moast wer oan. 11 Maaie it fee der wer út. . It nije ljocht (elektrysk) wie in útkomst. Ytsje wie 6 jier doe't it nije ljocht kaam. Op Sytebuorren duorre it folle langer ear't it dêr wie. Dêr hawwe se harren lang mei akku's rêden. Yn 1955 kaam de stroom. De tredde dochter wie doe al berne en de earste waskmachine kaam op de pleats. Mei de krystdagen wie der by Anne mar ien belang. Thús wiene se mennist en mei it krystfeest krige hy yn de tsjerke in boek en in sinaasappel en de ferskes learden se doe by Johannes Gorter. Mei âldjiersjûn waard der yn de buorren tûge en as der iis lei kamen se ek op Sitebuorren. Anne gong as der snie lei nei de buorren, dat wie in útsje. As der sterk iis lei, dan rieden se alle gearre dat it klapte. Belslydjeien wie der ek. Yke gong nei Earnewâld. Dêr wie iisbal. De molke moast nei't fabryk en as der iis lei dan yn konfoai, as mei sliden.

Yn 1896 op 2 maart is de molkfabryk oprjochte. As't Sint Piter wie dan sette Anne by beppe op, mar earst nei Ratsma de dis besjen en jûns sjoele.

It Kanaal: Dat wie in grutte yngreep. It soe groeven wurde troch It Deel, mar it kaam troch it lân by De Groot. Troch de komst fan it kanaal, is ús heit komelker wurden, sa sei Anne.

Meneer Hidde hat der in grut stimpel op lein. De Burd waard ôfsnien, Goatum waard ôfsnien en de Suorein mei de Leppedyk. Earst wie der in pont oer it kanaal en letter is de pont der út helle en kaam der in bailybrêge oer it kanaal. Yn de oarloch sieten der in soad ûnderdûkers op Sitebuorren. Elke boer hie yn't lêst fan de oarloch wol ûnderdûkers. Hynders en hea moasten ynlevere wurde. It ilkste hynder waard ôflevere. Der binne hiel wat hynders foardere.

It hat in moaie jûn west. De gasten waarden troch de harkers en de foarsitter tige betanke.

Op 'e dei dat minsken bûten Grou dy oare man út Spanje syn jierdei fiere, komt yn Swol in ein oan it libben fan **Anneke Schoustra** yn âldens fan hast 80 jier.

Mei in fikse hammerslach iepenet Yede op 14 desimber de twadde jûn. Elkenien wurdt wolkom hjitten en yn 't bysûnder **Bauke Hooghiemster en Bonne Bruinsma**. Foardat dizze mannen losbaarne kinne is der wat taheakke oan it program. De Stifting bewarret spullen en de gymferiening SSS hat oanbean harren spullen ûnder te bringen by de Stifting yn in brânfrije romte. De hjoeddeiske foarsitter en de eartiidske foarsitter langje de papieren fan SSS oer foar it argyf. De pers is oanwêzich, dus goed fêstlein.

Bonne hâldt in ynlieding oer it begjin fan Sint Piter oant 1950. It wiene fruchtberheidsfeesten en ôflaat fan Petrus. It kerstenjen hat in wichtige rol spile. Waard Sint Piter earst op 5 maart fierd, letter op 22 febrewaris. De ynfiering fan de Gregoriaanske kalinder yn 1701. Sint Piter is lang fierd yn Noard Fryslân, de Wâlden, yn Gees, Oosterhesselen en Grou. Bylden fan eartiids namen ús mei nei 1901. Juffer Jansen hat in goede rol spile by it Sint Piterfeest yn Grou. Yn 1903 betinkt sy in oare fiering yn Grou. Yn 1904 komt Sint Piter foar 't earst yn 't iepenbier. Yn 1908 komt it korps der by en yn 1950 komt Sint Piter echt oan yn Grou. Yn 1951 is it earste mearke en yn 1954 de earste Sint Piter-beurs. Yn 1959 is der foar 't earst in frysk mearke. Yn 1971 is it froulju's komitee oprjochte en fanôf 1976 komt Sint Piter oan op de sneons foar syn jierdei.

Bauke, berne yn de Tsjerkstrjitte, fertelt hoe't er dêr it Sint Piterfeest belibbe hat en oer de winkels fan Frits en Geeske (Betlehem), Bartele Bouma en Ratsma. Yn 1980 waard er frege om reserve Sint Piter te wurden en yn 1985 waard er de echte Sint Piter. Bauke hat in hiele goede stipe hân fan Addy de Jong (Swarte Pyt). De âlvestêdetocht op redens koe hy doe yn 1985 net ride. Bauke fertelt oer de organisaasje, de Rubo's, de tochten troch de buorren, de sike bern, sike minsken, allegearre útjeften dy't útbrocht binne oan boeken, cd's en dvd's, oer Bram van der Vlugt (Sinterklaas), besites oan Nij Friesmahiem en yn de luchtballon wer nei Spanje ta. Der sit hiel wat oan fêst om it feest foarelkoar te krijen. In protte minsken binne yn tou en it is goed dat we dit ris hearre út de earste hân. De bylden oer en fan Sint Piter makken alles kompleet. It wie mûstil yn de seal en lang net elkenien hie syn/har nocht.

Yede betanket de beide mannen en Reinder. De harkers dogge dat mei in hertlik applaus.

It nije jier is alwer 11 dagen âld, mar foarsitter Yede van der Veen winsket elkenien noch in sûn 2007 ta. De stipers wurde wolkom hjitten en yn't bysûnder Jan en syn frou. **Jan van der Leij**, berne yn 1952 yn Grou, soan fan Ruerd van der Leij en Tetsje Politiek. Wennen oan de Marswei. Jan is fan berop arsjitekt, mar skriuwt ek ferhalen. Foar it skoft ferteld Jan oer syn skriuwen en lêst ek ferhalen en gedichten foar. Bylden fan Grou, plakken fan neitins komme op ús netflues. In ferhaal oer de skou, de Jiskepûster, in ferhaal oer de Dútsers wat der net om liegde, in ferhaal oer Grinzers, hast noch slimmer as Dútsers en oer Wales ,dêr't se kampearren yn in tinte, fakânsje yn Normandië en befrijingsdei. Ferline jier hawwe se nei Ieper west. Jan hat in gedicht út it Ingelsk makke oer it tsjerkhôf yn Ieper. Dan noch in moai ferhaal doe't er by de bakker sneons wurke en in ferhaal oer de medalje.

Nei it skoft giet it oer de minen yn Ingelân en dêrby it tinken oan Grou. Grou wie Halbertsma en yn Ingelân wie it stedsje de minen en de minen it stedsje. It koar wie de minen, it korps wie de minen, sport wie de minen en neam mar op. Krekt as yn Grou mei Halbertsma.

Bylden fan de Stasjonswei mei de moaie filla, it bûterfabryk, de brechjes en no it yndustryterrein, it Aquaverium en de sporthal.

It Halbertsmaplein dat fernield is en de muzyktinte (waard goed ôfkreaake). It moaiste gebou fan Grou fynt Jan it âlde Gemeentehûs. It wetterfront komt ek oan de oarder en fansels de Achmeatoer yn Ljouwert. Jan fertelt op it lêst noch oer de projekten dêr't it kantoar no mei dwaande is. Mei moaie bylden wurde we op 'e hichte brocht fan prachtige arsjitektuer. Alwer in hiele moaie jûn. Yede betanket Jan, winsket elkenien wol thús en oant de lêste jûn.

De seal fol op 8 maart, alwer de lêste jûn fan ús winterskoft. Yede van der Veen hjit elkenien fan herte wolkom en yn't foarste plak **Sietse Heidsma** út Twello. Hy sil it hawwe oer "De dyk, it lân en de pleats". Mei de pleats bedoelt Sietse de pleats efter it gemeentehûs fan Van der Iest. Foar ynformaasje is hy holpen troch Gerrit van der Iest, Afke de Boer-Kaastra en Reinder Bouma.

Sietse fertelt earst oer syn pake en beppe, dan oer syn heit en mem. Syn heit, dy't eartiids timmerman wie, letter tsiismakker en noch letter bûtermakker. Doe't se trouden wennen se yn Grins en wurke heit by de Ommelanden (fabryk). Hy hie in minne baas. Hy hat net lang yn Grins west. Waard bûtermakker yn Ezinge en letter yn Marum. Hjir is syn suster berne. De húshâlding hat dêr sa'n 4 jier wenne en doe waard heit Heidsma 1^{ste} bûtermakker yn Grou. Hjir binne Sietse en syn twillingbroer yn 1936 berne. In protte bylden krije we te sjen sa as de fabrykshuzen, dy't earst fan de brânkastenfabryk fan Van der Ploeg wiene. Yn 1917 is de fabryk nei Apeldoorn ferhuze, âlde kaarten fan Grou, it stasjonsgebou, it kofjehûs, Lyts Jongema (pleats fan Hosper) en de tarploech yn 1924 mei Abe Kooiker.

It sicht fanút harren hûs wie doe noch iepen. De pleats (Wytma 1851) stie midden yn it lânskip. Yn 1938 hierde Van der Iest in stik fan de pleats. Sietse en oare bern hawwe dêr faak boarte. Hy hat dêr hiel wat leard oer it boerelibben. Gerrit van der Iest hat in gedicht makke oer de pleats en dat hat Sietse foarlêzen. Fierder krigen we noch bylden te sjen fan de bou fan it gemeentehûs yn 1941/1942, Kobus de jager, Graalda (Kaastra), de âlde ULO-skoalle (1884) in berneoptocht yn 1945 en net te ferjitten GAVC, mei wyt, swart en giel. It hiele GAVC-liet hat Sietse ús mei eigen stim hearre litten. By alle bylden hie hy syn ferhalen. In prachtige jûn, dêr't de oranjekoeke net ûntbruts.

Wa wit binne der guon dy't har of syn ferhaal ek op dizze wize kwyt wolle. Der binne bylden by de rûs, ferhalen genôch, dus brân mar los stipers!

Op 24 april komt der ûnferwacht in ein oan it noch jonge libben (krekt net 60 jier) fan **Ibele Pijl**, wylst op 17 juny yn Ljouwert **Gerben Harmen Epema** yn âldens fan 82 jier komt te ferstjerren.

IT ARGYF

Wy trune ús stipers oan om foto's, aansichten, printen, wurklisten, brieven, notuleboeken en fersen, lieten, boeken dy't te meitsjen hawwe mei of makke binne troch Grousters oan ús argyf ôf te stean of yn brûklien te jaan: serieuze brûkers sille jimme tankber wêze. Sa njonkenlytsen wreidet it argyf fan de Stifting him hyltyd fierder út. Sawol de foto- en aansichtensamling (dêrfoar kinne Jo terjochte by Bauke Lageveen) as de 'oare' samling. Foar it be- en ferwurkjen fan ús 'oare' archyf soene wy graach wat help krije. As Jo in kompjûter hawwe mei in Excell-programma en Jo sykje (kommende winterskoft) tiidkoarting, dan soene Jo ús grif helpe kinne. It wurk kinne Jo gewoan thús dwaan en krekt as it Jo útkomt. Hjirfoar graach kontakt opnimme mei Frâns Bakker.